

Oan de bedriuwen yn Noardeast-Fryslân

Jo brief fan:
Jo merkteken:

Us adres: Postbus 13,
9290 AA Kollum
Us telefoannr: (0519) 29 88 88
Us whatsapp nr: (06) 120 830 46
Us e-mailadres: info@noardeast-fryslan.nl
Us merkteken: 2022-120338

Webside: www.noardeast-fryslan.nl

Behannele troch: A. Dijkstra
Taheakke(n):

Datum: 30-6-2022
Datum ferstjoering: 4-7-2022

Underwerp: Fryske plaknammen

Achte hear, mefrou,

Op 8 july 2021 hat de gemeenteried ynstimd mei de ynfiering fan Fryske plaknammen. Dit betsjut dat 22 doarpen mei yngong fan 1 jannewaris 2023 offisjeel in nije plaknamme krije. Ek it doarp dêr't jo bedriuw fêstige is krijt in Fryske plaknamme.

Wy kinne it ús foarstelle dat de ynfiering fan in nije plaknamme fragen by jo opropt. Hjirûnder fine jo ynformaasje wêrmei't wy hooplik in tal fan jo fragen beantwurdzje.

Kinne wy gjin twatalige plaknammen brûke (Frysk én Nederlânsk?)

Yn 'e jierren fyftich hat it Nederlânske regear it beslút nommen dat in plaknamme mar yn ien taal brûkt wurde mei. Ek neffens de Wet Basisregistraties adressen en gebouwen kin mar ien taal hantearre wurde. Dêrom moat in gemeente in offisjele kar meitsje: de plaknammen yn it Frysk of yn it Nederlânsk. In plaknamme yn twa talen registrearje is net mooglik. De gemeente Noardeast-Fryslân hat foar Fryske plaknammen keazen. Yn 'e net-offisjele praktyk kinne de plaknammen fansels noch yn beide talen brûkt wurde.

Kinne myn leveransiers myn bedriuw skielk wol fine?

Op brieven en yn e-mails kinne jo achter de nije plaknamme earst tusken heakjes de âlde namme noch sette. De ûnderfining leart dat pleatslike bedriuwen al rillegau de Fryske fariant brûke sille. Boppelokale bedriuwen wurkje fakentiden wat langer mei dûbele nammen. Set yn 'e "disclaimer" fan jo e-mail bygelyks: "Attentie logistiek: de plaatsnaam Kollumerzwaag is veranderd in Kollumersweach". Sa witte de logistike ôfdielings dat de sjauffeurs der efkes goed om tinke moatte.

Binne der by it besoargjen fan de post swierrichheden te ferwachtsjen?

By it postsortearjen wurdt sjoen nei de postkoade en húsnûmer. Plaknammen spylje eins gjin rol mear. De skriuwwize fan plaknammen is dus gjin probleem. Grutte bedriuwen en ynstânsjes brûke boppedat digitale adessebestannen fan postbedriuwen, dêr't allinnich de offisjele plaknammen yn stean. PostNL wurdt troch de gemeente op 'e tiid ynformearre oer it feroarjen fan de plaknammen sadat hja yn harren systemen de feroarings ek trochfiere kinne.

Jout de gemeente in fergoeding foar mooglike kosten dy't myn bedriuw makket troch dizze nammewyziging?

Op grûn fan de Nadere Regels Verordening naamgeving en nummering (adressen) Noardeast-Fryslân jout de gemeente allinnich in temjitekommig yn 'e kosten by it feroarjen fan in strjitnamme as húsnûmer. Yn digitale bestannen kinne jo sels de plaknamme oanpasse. Jo kinne in oergongstiid hantearje foar it oanpassen fan de plaknamme yn reklame-uterings, hússtyl, teksten op bedriuwauto's – as buorden en sa. Bygelyks oanpasse by ferfangings. Sa hoege jo gjin kosten te meitsjen.

Hawwe plaknammeferoarings neidielige ekonomyske konsekwinsjes?

In protte minsken tochten dat de nammewyziging fan it toeristyske Eernewoude yn Earnewâld ekonomysk neidiel opsmite soe. It tsjinoerstelde hat bliken dien. De Fryske taal en kultuer jouwe ús provinsje en gemeente en dus ek ús bedriuwen wat unyks. Dêrom brûke in soad bedriuwen ek Fryske útdrukings. It Fryske karakter kin brûkt wurde as in 'unique selling point'.

Taheakke is in lyst mei plaknammen. Hjirop is oanjûn hokker doarpen mei yngong fan 1 jannewaris 2023 in oare namme krije en hokker namme dit is.

Foar fragen of opmerkings oer dit skriuwen kinne jo kontakt opnimme mei Aukje Dijkstra fia it algemiene telefoannûmer 0519 – 298888. Jo kinne ek in e-mail stjoere nei info@noardeast-fryslan.nl.

Mei freonlike groetnis,

Ut namme fan it kolleezje fan boargemaster en wethâlders fan Noardeast-Fryslân,



R. Heeringa
Teamlieder Mienskip